

CDA
Statenfractie Fryslân
Steatefraksje Fryslân



INISJATYFUTSTEL, ex artikel 28 Reglement van Orde

<p>Underwerp</p>	<p>Brief Fryske taal en kultuer nei ynformateur</p>
<p>Ynhâld</p>	<p>De Nederlânske oerheid hat troch de ratifikaasje fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen, of talen foar minderheden (1996) en de ratifikaasje fan it Ramtferdrach Beskerming Nasjonale Minderheden (2005), de ferantwurdlikens op him naam, om de Fryske taal en kultuer te beskermjen en te befoarderjen. Troch it ûndertekenen fan 48 ferplichtings út diel III fan it Europeesk Hânfêst, stiet de ryksoerheid foar de ferantwurdlikens ynfolling te jaan oan konkreet belied op it mêd fan ûnderwiis, justysje, oerheid, media, kultuer en it ekonomysk en sosjaal libben. De konkretisearring fan it belied hat stal krigen yn de Bestjoersôfspraak "Fryske taal en kultuer" tusken de provinsje Fryslân en de ryksoerheid foar de perioade 2001-2010.</p> <p>Nei oanlieding fan de nulmjitting en de earste rapportaazje oer dat Hânfest, hat de Ried fan Europa der al twa kear (2001, 2004) by Nederlân op oantrune om aktiver belied te fieren op it mêd fan de media (radio en televyzje) en gruttere ynspanning te leverjen op it mêd fan it ûnderwiis (foarskoals ûnderwiis, basisûnderwiis, fuortset ûnderwiis en de learaarsopliedings): "The Committee of experts urges the Dutch government to improve the situation of the teaching of Frisian. The Committee of Ministers of the Council of Europe recommends the authorities of the Netherlands to develop an overall and coherent policy for the teaching in Frisian at all levels of education and adopt concrete measures for its implementation".</p> <p>Mei de ratifikaasje fan it Ramtferdrach Beskerming Nasjonale Minderheden, hat Nederlân de Friezen erkend as iennichste nasjonale minderheid fan Nederlân. Dy erkenning freget om spesifyk belied foar de Friezen en de Fryske taal en kultuer. As útwurking fan de ratifikaasje fan it Europeesk Ramtferdrach Beskerming Nasjonale Minderheden (1 juny 2005), hie Nederlân foar 1 juny 2006 in earste rapportaazje klear hawwe moatten, mei ynformaasje oer wetjouwende en oare maatregels, dy't naam binne nei ratifisearring fan it ferdrach. Dy rapportaazje is noch net foarhannen.</p> <p>In analyse fan beide ferdraggen en de rapportaazjes oer it</p>

Hânfest jouwe in oantal knipepunten oan:

1. It foech op it mêd fan de Fryske taal en kultuer is net dúdlik. Neffens de Bestjoersôfspraak drage it ryk en de provinsje mienskiplik de ferantwurdlikens. Yn de praktyk wurdt lykwols wetjouwing, regeljouwing en it belied benammen troch de ryksoerheid fêststeld en de konkrete útfiering oan Fryslân oerlitten. Foar in part wurdt it belied en de útfiering stal jûn yn Fryslân, mar op guon wichtige terreinen is Fryslân ôfhinklik fan beslútfoarming troch de ryksoerheid (ûnderwiis, media).
2. De polityk-bestjoerlike konsekwinsje fan it Ramtferdrach is neffens ús, dat it formele foech foar de Fryske taal en kultuer by de provinsje Fryslân dellein wurdt. Oars sein: Fryslân moat autonomy krije op it mêd fan de Fryske taal en kultuer.
3. De kwantiteit en de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk foldocht net oan de Europeeske standertnoarmen, dy't basearre binne op it Hânfest (artikel 8). It giet dêrby om foldwaande lestiid, learmiddels, kwaliteit fan de learkrêften en de trochgeande learline. Der is grut ferlet fan saakkundige learkrêften Fryske taal yn alle ûnderdielen fan it ûnderwiis. It oplieden fan learkrêften en de ûntjouwing fan learmiddels, falt neffens kêst 14 ûnder de ferantwurdlikens fan it Ramtferdrach. Ut ferskate rapporten (nij: rapport fan de Ryksynspeksje fan it ûnderwiis 2006), docht bliken, dat de eigen taalbehearsking fan it Frysk en de kennis oangeande de Fryske taal en kultuer by in fiks part fan de learkrêften noch gjin sprekken lije kin. It persintaazje learkrêften sûnder foech Frysk is fierstente heech. De ryksoerheid nimt oant no ta net de maatregels dy't nedich binne, om de kwaliteit fan it ûnderwiis te ferbetterjen.
4. Unfolslein aanbod fan Frysktalige media. Neffens kêst 9 fan it Ramtferdrach, hawwe de Friezen rjocht op media yn harren eigen taal. Wat de deiblêden oanbelanget is dit net it gefal. Kommersjele oerwagings soargje derfoar dat it oandiel Frysk yn de deiblêden foar in grut part beheind bliuwt. Dêrnjonken spilet in Frysktalige omrop (radio en tv) in tige wichtige rol foar it behâld en it befoarderjen fan it Frysk. Yn kêst 5.1. fan de Bestjoersôfspraak is wol in tasizzing dien oer folsleine en alsidige programmearring, mar dat doel is noch net berikt. Oangeande de emansipaasje fan it Frysk is fierder ûnder de jongerein noch in grutte slach te meitsjen. Der binne dêrom mear (multimediale) programma's nedich dy't derop rjochte binne. De regionale omrop hat by ús troch syn bysûndere karakter, in folle bredere taak as yn de oare provinsjes.

Dizze knipepunten kinne oplost wurde, as it nije regear him better ynsant foar it Frysk. De ferskate ferdraggen jouwe

	nei it betinken fan de ûndertekeners, in oantal hantrekkens dy't dêrfoar soargje kinne. Dêrom wolle wy alle war dwaan, om der foar te soargjen dat in nij kabinet him maksimaal ynspanne sil foar it Frysk.
Foarnommen beslút	<p>Op grûn fan it boppesteande stjoere Provinsjale Steaten fan Fryslân foar 20 desimber 2006 in brief oan de ynformateur, dêr't de neifolgjende aspekten yn meinaam binne:</p> <ul style="list-style-type: none"> - Foech op it mêd fan de Fryske taal en kultuer moat by de provinsje Fryslân komme te lizzen. Yn dizze regearperioade sil bestudearre wurde wat de meast optimale wetlike ynstruminten binne om dat foech stal te jaan; - De ferplichtings, dy't de ryksoerheid oangien is troch de ratifisearring fan it Hânfest en it Ramtferdrach, moatte útwurke wurde en rapportearre wurde oan de Ried fan Europa; - Yn de mande mei it ryk sil Fryslân stal jaan oan de útwurking fan de ferplichtings; - It ryk stelt, as ferdrachspartij fan likegoed it Hânfest as fan it Ramtferdrach, ek de finansjele middels beskikber foar de útfiering fan de ferplichtings. <p>Oan de ynformateur sil frege wurde om de posysje fan it Frysk, op grûn fan twa tige wichtige Europeeske ferdraggen dy't mei ûnderskreaun en ratifisearre binne troch Nederlân, in wichtige rol en omtinken te jaan, by it ta stân kommen fan in nij kabinet.</p> <p>Dêrnjonken beslute de ferskate partijen yn Provinsjale Steaten, om dizze brief fia de partijkanalen te stjoeren nei harren keamerfraksjes, foar safier't hja deroer beskikke.</p>
Finansjele konsekwinsjes en dekking	Gjin

Yntsjinners	CDA, Geart Benedictus PvdA, Hannah Ludwig FNP, Annigje Toering CU/SGP, Rein Ferwerda GBF, Jan Kloosterman D66, Johan Sieswerda GrienLinks, Theo van de Bles SP, Ad van der Kolk OFS, Piet Oosterhuis
-------------	--

Datum	06-12-06
-------	----------

PROVINSJALE STEATEN fan FRYSLAN

Nei it lêzen fan it inisjatyfútstel fan it CDA, PvdA, FNP, ChristenUnie/SGP, GrienLinks, GBF, D66, SP en OFS fan 13 desimber 2006

Oerweagjende dat de mearderheid fan de Steaten it wichtich fynt dat de ûndúdlikheid en de knipepunten op it mêd fan it Frysk oplost wurde,

Oerweagjende dat dit barre kin as it nije regear him better ynspant foar it Frysk,

BESLUTE

Deputearre Steaten foar 20 desimber in brief te stjoeren oan de ynformateur en formateur, dy't dwaande binne mei de ûnderhandelings en gearstalling fan in nij kabinet. Yn dat brief wurde de neifolgjende punten opnaam:

- Foech op it mêd fan de Fryske taal en kultuer moat by de provinsje Fryslân komme te lizzen. Yn dizze regearperiode sil bestudearre wurde wat de meast optimale wetlike ynstruminten binne om dat foech stal te jaan;
- De ferplichtings, dy't de ryksoerheid oangien is troch de ratifisearring fan it Hânfest en it Ramtferdrach, moatte útwurke wurde en rapportearre wurde oan de Ried fan Europa;
- Yn de mande mei it ryk sil Fryslân stal jaan oan de útwurking fan de ferplichtings;
- It ryk stelt, as ferdrachspartij fan likegoed it Hânfest as fan it Ramtferdrach, ek de finansjele middels beskikber foar de útfiering fan de ferplichtings.

Dêrnjonken beslute de ferskate partijen yn Provinsjale Steaten, om dizze brief fia de partijkanalen te stjoeren nei harren keamerfraksjes, foar safier't hja deroer beskikke.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 13 desimber 2006

, foarsitter

, griffier